

Jeu des boules

skreaun as 'frysk chanson' op de lietskriuwkursus fan 2001

op in frânske fakânsje	E7			
't fryske lân op distânsje	Am			
krijt myn libben wer kâns en wer doel	Dm	G7	C	E7
'k lit myn ballen dan rôlje	Am		F	
foar it each fan de froulju	G		Em	
moaiste sport fan de wrâld: jeu des boules	Dm		E7	Am

en mar smite en stinne
alle lju der om hinne
mar dy seach 'k allinne net stean
doe 't dyn each my ferblinde
sloech in bal tsjin myn skine
en ik fiel noch de pine yn myn tean

ja do lietst my dêr skrikke
en ik koe net mear mikke
smiet de ballen in stik oer it doel
mar do koest my wol keare
en do woest my wol leare
en smyt ballen wat mear mei gefoel

sa lei ik dus juster
mei dy yn it tsjuster
tegearr ' yn 't ferbjustere hea
en dat kin ik noch witte:
wol 'k myn ballen wer sjitte
dan stiet my it swit op 'e lea

op in frânske fakânsje
't fryske lân op distânsje
krijt myn libben wer kâns en wer doel
'k lit myn ballen dan rôlje
foar it each fan de froulju
moaiste sport fan 'e wrâld: jeu des boules